

# GUERILLA-ART FOAR BEGJINNERS

It is dúdlik dat wy sels de wrâld moaier meitsje moatte. Dêrom hat de redaksje fan Heit en Mem my frege jim yn te lieden yn de "guerilla-art". As elkenien meidocht, dan gean wy aanst gnizend en glimkjend de dei troch, om 't wy oeral ûnferwachte ferrassings tsjinkomme. Oan 'e slach dus!

**les 1**  
troch Lysbeth Zeinstra


Earst mar in simpele:

## YN 'E SUPERMERK

- 1 Knip it komplimintebriefke hjirnêst út.
- 2 Hingje it by de oare "aangeboden/gezocht" bryfkes yn 'e supermerk dêrst faak boadskippen dochst.
- 3 Sjoch geregeld even oft der in komplimint meinommen is.


en dan no it:

## BÛSE BRYFKE



- 1 Knip de bûsebryfkes los.
- 2 Nim se mei ast op stap giest.
- 3 Stop in bryfke yn 'e bûse fan in jas of broek yn de sportskoalle, de biblioteek, in gearkomste.

in pear kear omtearre



## WELKOM-WURDEN

Der binne wurden dy't te min brûkt wurde. Ik tink oan: blinder, hawar, aveseare, sabeare. Sa krije wy se wer werom:

- 1 Skriuw dyn eigen prachtwurd yn 'e tekstballon.
- 2 Knip de fûgel-mei-tekstballon út.
- 3 Plak 'm op 'e kuolkast mei sa'n magneetsje en brûk it wurd eltse dei in kear. Of, better noch: lis it papierke earne del dêr't in protte minsken lâns rinne.

Ynspireard rekke? Moai sa. Alle ideeën hjirboppe meie pikt wurde en oer hiel Fryslân ferspraat wurde. Mear? Googelje op "guerilla art".

Moai? Myn guerilla-art-boekje en oar wurk is te keap fia [www.ietsvanlys.nl](http://www.ietsvanlys.nl). Aansichtkaarten mei myn yllustraasjes binne te keap fia [www.praatmarfrysk.nl](http://www.praatmarfrysk.nl).